

# Yn 'e MIENSKIP

## Wethâlder Aant Jelle Soepboer op besite yn Ternaard

Wethâlder Aant Jelle Soepboer op kennismakingsbesite yn Ternaard. Hy gie hjir yn petear mei it bestjoer fan doarpsbelang en de wurkgroep "Samenvoeging gebouwen".

*"Geweldich hoe't jimme de útdagings oangeane om mei alle partijen yn petear te gean oer de takomst fan it doarp en de ferienings. Feroaring kin bytiden gefoelich lizze en jimme pakke dit hiel goed op. Jimme oanpak tsjûget fan lef en fyzje!"*

### Rekreaasje en Toerisme

Der is in plan útwurke om 'de Hoeke' te feroarjen yn in moetingssplak foar rekreanten en ynwenners. Fierder is der de winsk om in rinrûte te realisearjen fia de einekoai, rjochting 't Skoor nei de seedyk.

### Gearfoegjen gebouwen en ferieningen

Ternaard is grutsk op syn ferieningen: sy soargje foar ferdivedaasje en ferbining. Spiti-gernôch rint it tal frijwilligers hieltyd mear werom en rinne de kosten oan gebouwen hieltyd mear op. Nei in brainstoarmsesje mei de ynwenners is der in wurkgroep oprjochte. Sy hawwe in konsept "Visie Gebouwen, bestjoering en aktiviteiten Ternaard" opsteld. De wethâlder kriget in eksimplaar. It doel fan dizze fyzje is om te kommen ta ien mienskiplik plak foar alle ferieningen, en ek te ûndersykjen oft bestjoeren fan ferskate ferienings gearfoege wurde kinne. It doarp sit noch yn de ferkennende faze en freget de wethâlder om stipe fanút de gemeente by dit ûndersyk. De wethâlder wiist op de mooglikheden út it doarpefûns wei. Hy fynt it in prachtich inisjatyf. De doarpekoördinator sil binnen de gemeentlike organisaasje freegje oft en hoe 't wy dit plan fasilitearje kinne.



### Sâltstruien

De besteande sâltopslach yn Ternaard is opheft en ferpleatst nei Dokkum. Yn Ternaard fersoarget in frijwilligersploech jierrenlang it struien fan diken, dêr 't foarsjenningen binne (húsdokter, skoalle, supermerk). It opheljen fan amers sâlt fanút Dokkum is foar harren gjin oplossing. Is it ek mooglik om yn stee dêrfan in bigbag mei sâlt te pleatsen op de werf? De wethâlder sil dit mei de ôfdieling beprate. Hy fertelt dat alle doarpsbelangen fan 2024 ôf in jierliks budzjet krije foar it sâltstruien.

*De besites oan de doarpen binne in ûnderdiel fan de nije oanpak fan it hjoeddeistige kolleezje: de kontaktwethâlder ûnderhâldt, tegearre mei de doarpekoördinator, nau kontakt mei de doarpen en wiken binnen ús gemeente. By dizze besite komme der allegearre ûnderwerpen oan 'e oarder.*